

Examen VMBO-GL en TL

2007

tijdvak 1
donderdag 31 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 46 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 51 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

700013-1-601o

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).

Voor alle eindexamens, zie www.allexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.slleiden.nl.

Tekst 1

De ynlieding bestiet út trije parten: in probleemstelling, de gefolgen en de oplossing.

De fragen 1 oant en mei 4 geane dêr oer.

- 2p 1 Wat is it probleem?
- 1p 2 Mei hokker sin begjint it part oer de gefolgen?
- 1p 3 Hokker sin liedt it part oer de oplossing yn?
- 1p 4 Op hokker part slacht de titel?
- A de gefolgen
 - B de oplossing
 - C de probleemstelling
- 1p 5 Wêr hâldt de yn alinea 1 neamde netwurkgroep him mei dwaande?
- A allinne mei de gefolgen
 - B allinne mei de oplossing
 - C allinne mei it probleem
 - D mei de gefolgen en de oplossing
 - E mei it probleem en de gefolgen
 - F mei it probleem en de oplossing
- 1p 6 Yn hokker alinea's wurdt de yn de ynlieding neamde oplossing fierder útwurke?
- A alinea 1, 2 en 3
 - B alinea 2 en 3
 - C alinea 2, 3 en 4
 - D alinea 3 en 4
- 1p 7 Hokker ferbân is der tusken de ynlieding en alinea 1?
- A oarsaaklik
 - B opsomjend
 - C tsjinstellend
 - D útwurkjend
- 1p 8 Wat is it wurkgebiet fan de yn rigel 23 neamde netwurkgroep?
- A de gemeente Smellingerlân
 - B de provinsje Fryslân
 - C de regio East-Fryslân
 - D Drachten
- 1p 9 Neffens alinea 2 freget it wurk fan Frank de Koster in soad trochsettingsfermogen.
- Neam noch in oare eigenskip dy't neffens de tekst nedich is foar dat wurk.

- 1p **10** Jongeren binne nei ferrin fan tiid oars oer it wurk fan Frank de Koster tinken gongen.
→ Hokker feroaring is der yn de hâlding fan de jongeren kaam?
- 1p **11** Yn de ynlieding wurdt in probleem neamd.
→ Wêrom kin de oarsaak fan dat probleem, neffens alinea 3, net alhiel de jongerein yn 'e skuon skood wurde?
- 1p **12** Neffens alinea 4 binne de resultaten fan Bus+ projekt tige posityf.
Wêr is dat benammen it direkte resultaat fan?
A de ynset fan de gemeente
B de ynset fan de polysje
C de ynset fan Frank de Koster
D de ynset fan de Kuno van Dijkstichting
- 1p **13** Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer fan dizze tekst?
A amusearje
B oantrune
C oertsjûgje
D ynformearje

Tekst 2

- 1p **14** Wat bedoele de measte makelders at se sizze: "Foarnaam wenje yn Fryslân"?
- 1p **15** Hokker ferbân is der tusken alinea 1 en alinea 2?
A opsomjend
B redenjouwend
C tsjinstellend
D útlizzend
- 1p **16** "dan binne jo wol hiel, hiel foarnaam" (r. 28-29)
Hoe tinkt Hofstra feitliken oer dizze wize fan wenjen?
A Hofstra hat de gek der mei.
B Hofstra bedoelt it grappich.
C Hofstra mient dit serius.
- 1p **17** "Syn auto funksjoneel en modern, syn hûs neimakke âld." (r. 42-44)
Hokker wurd út alinea 4 past it bêste by dizze sin?
A nuver
B oerdreaun
C skizofreen

- 1p **18** Hofstra begjint dizze kollum mei de fraach: "Wat is no by ús yn Fryslân foarnaam wenjen?" (r.1-2) Yn alinea 1 jout hy dêr as antwurd op: "Wenjen, dêr't jo it wêzen fan it Fryske lânskip optimaal belibje."
Yn it lêste part fan de tekst jout hy nochris antwurd op dy fraach.
→ Sitearje dat antwurd.

Tekst 3

- 1p **19** De meiwurkers fan de berne- en jongereinrjochtswinkel besykje de jonge gasten op har gemak te stellen. (sjoch de ynlieding)
→ Wat is it doel dêrfan?
- 1p **20** De meiwurkers fan jongereinrjochtswinkels yn Nederlân binne skrokken. (sjoch r. 21-24)
→ Neam de maatregel dy't har wurk bedriget.
- 2p **21** Hokker beide aksjes hawwe de meiwurkers fan de jongereinrjochtswinkels útfierd as réaksje op de plannen fan de regearing?
- 1p **22** In skriuwer kin in tekst opbouwe út feiten en mieningen.
Hokker typearring past yn dy sin it bêste by alinea 3?
A Alinea 3 bestiet (hast) hielendal út feiten.
B Alinea 3 bestiet (hast) hielendal út mieningen.
C Alinea 3 bestiet foar ûngefear de helte út feiten, foar de oare helte út mieningen.
- 1p **23** Yn alinea 3 stiet ûnder oaren hokker klanten de jongereinrjochtswinkel yn Grins kriget.
Hoe slút alinea 4 dêr op oan?
A Yn alinea 4 stiet hoefolle saken súksesfol einigje foar dy klanten.
B Yn alinea 4 stiet hoe't de meiwurkers yn Grins de saken oanpakke.
C Yn alinea 4 stiet wêr't dy klanten foar komme.
- 1p **24** Alinea 5 bestiet út trije sinnen. Dy foarmje mei-elkoar in redenearring. Dy is opboud út trije eleminten. Dat binne, alfabetysk notearde:
1 in foarbyld
2 in gegeven
3 in reden
Yn hokker folchoarder steane dizze eleminten yn alinea 5?
A yn de folchoarder 1, 2, 3
B yn de folchoarder 1, 3, 2
C yn de folchoarder 2, 1, 3
D yn de folchoarder 2, 3, 1
E yn de folchoarder 3, 1, 2
F yn de folchoarder 3, 2, 1

- 1p **25** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 6?
A Kantoar Grins
B Maklike fragen
C Minder belangstelling
D Nije ûntjouwings
- 1p **26** Yn alinea 6 stiet dat de berne- en jongereinrjochtswinkel mear fia it ynternet benadere wurdt. (Sjoch r. 107-109)
Hoe slút it sitaat fan foarsitter Reitsma oan de ein fan de alinea by dy konstataarring oan?
A Yn dat sitaat stiet in foarbyld by dy konstataarring.
B Yn dat sitaat stiet in gefolch fan dy konstataarring.
C Yn dat sitaat stiet in konklúzje by dy konstataarring.
D Yn dat sitaat stiet in reden foar dy konstataarring.
- 1p **27** Hokker bewearing is wier?
A Neffens alinea 6 is it tal besikers fan de berne- en jongereinwinkel yn Grins de lêste tiid lytser wurden.
B Neffens alinea 6 is it tal e-mails foar de berne- en jongereinwinkel yn Grins it ôfrûne jier lytser wurden.
C Neffens alinea 6 is it tal kantoaren fan de berne- en jongereinrjochtswinkel yn Noard-Nederlân lytser wurden.
D Neffens alinea 6 is it tal problemen dat de berne- en jongereinwinkel binnenkrijt lytser wurden.
- 1p **28** Hokker ferbân is der tusken de alinea's 6 en 7?
A Yn alinea 6 giet it oer bern dy't nei de jongereinrjochtswinkel yn Grins ta geane, yn alinea 7 stiet wat in pear fan har meimakke ha.
B Yn alinea 6 giet it oer de belangstelling foar jongereinrjochtswinkels, yn alinea 7 oer aktiviteiten om dy belangstelling te fergrutsjen.
C Yn alinea 6 giet it oer de besikersoantallen fan jongereinrjochtswinkels, yn alinea 7 stiet wêr't de besikers foar komme.
D Yn alinea 6 giet it oer de kantoaren fan jongereinrjochtswinkels, yn alinea 7 stiet wat de meiwurkers fan dy kantoaren dogge.
- 1p **29** Wêr ferwiist it wurd 'sy' yn r. 137 nei?
A "bern ûnder de fjirtjin" (r. 134)
B "de âlders" (r. 135)
C "De âlders fan fjirtjin- en fyftjinjierrigen" (r. 135-136)
D "fjirtjin- en fyftjinjierrigen" (r. 136)
- 2p **30** Yn alinea 8 stiet dat de meiwurkers fan de rjochtswinkel ûnder oare in bemiddeljende taak ha.
→ Notear dêr trije dúdlik ferskillende foarbylden fan dy't neamd wurde yn alinea 8.

- 1p **31** In skriuwer kin in tekst opbouwe út de folgjende eleminten:
- 1 feiten
 - 2 syn eigen miening.
 - 3 mieningen fan oaren.
- Ut hokker eleminten is dizze tekst opboud?
- A út de eleminten 1 en 2
 - B út de eleminten 1 en 3
 - C út de eleminten 2 en 3
 - D út de eleminten 1, 2 en 3

Tekst 4

- 1p **32** Watfoar karakter hat de fetprinte ynlieding fan 'e tekst?
- A It is in anekdoate oer de feroarings yn 'e Fryske lânbou.
 - B It is in gearfetting fan de tekst.
 - C It is in presintaasje fan it ûnderwerp fan de tekst.
 - D It is in skets fan de skiednis fan de Fryske boerestân.
- 1p **33** Yn rigel 32-33 stiet "op dat mêd".
Op watfoar mêd is dat?
- A op it mêd fan de natoer
 - B op it mêd fan ynfestearringen
 - C op it mêd fan it hobbybuorkjen
 - D op it mêd fan natoerfreonlik buorkjen
- 1p **34** Yn rigel 50-51 stiet "dat tinken".
→ Sitear it tekstpart fan alinea 2 dêr't yn stiet wat dat tinken ynhâldt.
- 1p **35** Wat wurdt bedoeld mei 'ferweving' yn rigel 55?
- A Ferweving betsjut dat boeren al har lân beskikber stelle foar it plante- en fûgellibben.
 - B Ferweving betsjut dat boeren neist har produksjewurk taken útfiere yn 'e lânskipssoarich.
 - C Ferweving is de namme fan in fergoeding dy't boeren krije foar lânskipûnderhâld, bygelyks it opknappen fan beamwâlen.
 - D Ferweving is de namme fan in regeling dy't boeren brûke kinne om earder mei it wurk op te hâlden.
- 1p **36** Lês de folgjende útspraak: "It is belangryk dat de beamtoppen yn beamwâlen goed yn it blêd sitte".
By hokker organisaasje past dy útspraak it bêste ast alinea 3 lêst?
- A by FEL
 - B by LASER
 - C by VANLA

- 1p **37** Yn rigel 89 stiet 'se'.
Wa wurde dêrmei bedoeld?
A "Alderwetske boeren" (r. 82)
B "de measte boeren" (r. 80-81)
C "Thom van der Goot (...) en Hessel Bouma" (r. 82-83)
- 1p **38** Yn rigel 82-85 stiet dat âlderwetske boeren mei in skalk each besjoen waarden.
→ Sitear in sinpart út alinea 2 dat op de selde hâlding wiist.
- 2p **39** Yn r. 86-87 stiet "De omslach yn tinken".
→ Om watfoar feroaring yn tinken giet it hjir?
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- 1p **40** Hokker motyf/motiven kin in boer neffens alinea 4 ha om oan natoerbehear te dwaan?
A eigenbelang
B leafde foar de natoer
C eigenbelang en leafde foar de natoer
- 1p **41** Yn rigel 113 stiet "Wy".
Wêr ferwiist Nerus Sytema mei dat wurdsje nei?
A nei de 25 behearsferienings en koöperaasjes yn Fryslân
B nei de federaasje Boer en Natuur
C nei de Noardlike Fryske Wâlden
- 1p **42** Yn 'e rigels 113-121 stiet in sitaat fan Nerus Sytema.
Hoefolle doelen fan syn organisaasje neamt Sytema yn dat sitaat?
A ien doel
B twa doelen
C trije doelen
- 2p **43** "It lânskipsbehear is fansels foar it each belangryk." (r. 144-145)
→ Sitear in sin én in sinpart út alinea 3 dy't oanjouwe hoe't dat konkreet útwurke wurdt.
- 1p **44** Watfoar konklúzje falt te lûken út de rigels 155-159?
A Benedictus fynt dat it fretten foar fleiskij sûner wêze moat as dat foar melkkij.
B Benedictus fuorre syn kij destiids minder sûn fretten as no.
C Benedictus hat destiids bargehâlder west.
D Benedictus hat faker fakânsje no't hy syn kij oar fretten jout.

Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.

- 1p 45 Watfoar typearring past it bêste by alinea 6?
- A It is in konklúzje oer it effekt fan boerebehear op 'e natoer.
 - B It is in oprop om natoerfreonlike produkten fan bioboeren te keapjen.
 - C It is in tafoeging fan in noch net neamde foarm fan natoerbehear troch boeren.
 - D It is in warskôging tsjin it brûken fan stikstof yn 'e lânbou.
- 1p 46 Wat is de haadgedachte fan dizze tekst?
- A De measte boeren kinne allinne mar bestean bliuwe as se oan natoerbehear dogge.
 - B It is stadichoan mear akseptearre dat boeren in rol spylje yn it behearen fan natoergebieten.
 - C Natoerorganisaasjes as Staatsbosbehear ha net folle betrouwen yn 'e boeren.
 - D Thom van der Goot en Hessel Bouma hawwe altiten gelyk hân mei har oanpak fan it boerebedriuw.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.